

It FA-design foar fierdere standerdisearring fan it skreaune Frysk of de kreäasje fan in ûntrochtchte, ûnwurkbere en ûnfryske keunsttaal

Dr. Pieter Breuker (frisist, sosjolinguiet en âld-meiwurker RuG)

Dit stik is skreaun as wjerwurd op de *Reaksje Fryske Akademy op de beswieren tsjin in Wurdlist Frysk en tsjin in útstel ta staveringsoanpassings* (net datearre, mar fan 6.4.2014)

P.S: de skriuwer fersiket de provinsjaal amtners Harmen Akerboom en Tsjerk Bottema mei klam om dit stik op te nimmen as ûnderdiel fan de skriftlike stikken fan de provinsjale wurkgroep ‘Stavering’ en dêrmei fan de rapportaasje fan dy wurkgroep oan PS.

YNHALD	s.
I. Foarôf. Ta de fisy fan de skriuwer op de Fryske taalnoarm	2
II. Inkelde haadpunten út de foarskiednis oer de taalnoarmdiskusje	5
III. Algemiene opmerkingen oer de FA-kritearia om foarkarsfoarmen oan te wizen	8
IV. De sân FA-kritearia foar fierdere standerdisearring bylâns	12
V. Gearfetting en konklúzjes	21

I. Foarôf. Ta de fisy fan de skriuwer op Fryske taalnoarm

De FA-plannen geane oer twa haadsaken: oanpassing fan de stavering en in fierdere standerdisearring. Ik behein my yn dit stik ta it lêste.

Net in minske is frij fan eigen opfettingen, fan in al of net ferburgen ideology. Dat jildt ek foar syn fisy op taal en taalnoarm. Dêrom wol ik hiel koart myn opfettingen neame. De lêzer wit dan globaal wêr't ik stean. No is oars it net sa dat ik samar wat rop. Ik ha faak en wiidweidich ûndersyk dien nei noarmaspekten fan it Frysk. Understeande titels ferwize nei in part fan dat ûndersyk. Ik gean by myn fisy op taalnoarm út fan de besteande brûkers fan it Frysk. Dat komt yn de praktyk foar in grut part del op de fan-hûs-út Frysktaligen. As it om it skriuwen fan it Frysk giet, dan hat in part dat fia formeel ûnderwiis leard. In oar (navenant grut) part (en dêr hear iksels ek ta) hat it skriuwen lykwols op eigen manneboet yn 'e macht krigen. Al learende- en lêzendewei hat him dêrby in noarm foarme, dy't op twa belangrike punten fan it sprutsene Frysk ferskilt:

1. ynterferinsjes út it Nederlânsk wei wurde (foar in grut part) korrizjearre;
2. dialektfariaasje wurdt ta in hichte beheind.

It giet yn de diskusje om it twadde punt. Hoewol't der al folle earder oansetten ta wienen, kinne wy foar it gemak stelle dat it Frysk sûnt de Romantyk ek (sij it beheind) as skriuwtaal brûkt wurdt. De Fryske taalmienskip sels hat dêrby yn de rin fan de iuwen al skriuwendewei in noarm ûntwikkele. Dêrby kaam hieltiten minder romte foar al te partikuliere dialektfarianten. Dat jildt ek foar ien fan de trije 'grutte' Fryske dialekten, it Súdhoeksk. Dat waard foar 't neist tefolle mei it Nederlânsk identifisearre. De beide oare Fryske haaddialekten, it Klaaifrysk en it Wâldfrysk, hawwe lykwols altiten de romte yn it skreaune Frysk hân. Dat is ek net sa frjemd. It Frysk wie en is alderearst sprektaal en de Fryskskriuwer hat as fansels de bining mei it eigene, mei de basis bewarre.

It foargeande wol net sizze dat der op it mêd fan it Klaai- en Wâldfrysk hielendal gjin dialektseleksje west hat. Klaaifriezen sizze 'heel', mar se skriuwe 'hiel', Wâldfriezen hawwe it oer 'saal', mar op papier kieze se foar 'seal' (ienfâldich steld en net oars as by wize fan foarbyld). Dy kar hat stadichjesoan syn beslach krigen en de (measte) skriuwers fan it Frysk binne dêroan wend. De skriuwtaalnoarm hat him dus primêr út de taalmienskip sels wei foarme, mar hat dêrby tagelyk de ynfloed fan ûnderwiis, wurdboek, grammatika en net te ferjitten de literatuer ûndergongen. Dy ynfloed is lykwols beheind, hielendal as wy dy fergelykje mei de rol fan it ûnderwiis (en yn rommere sin: de formele domeinen) yn 'grutte talen': dat hat dêr in folle steviger plak yn. Dat is ek in belangrike reden dat de dialekten (it Klaai- en Wâldfrysk dus) relatyf sjoen noch altiten in grut plak yn it skreaune Frysk hawwe. It is goed om te betinken dat it by it him foarmjen fan in skriuwtaalnoarm om in hiel stadich ferrinnend proses giet. De bêste manier om dy skriuwtaalnoarm fierder te ûntwikkeljen is it Frysk safolle mooglik te skriuwen. Dan komme de taal en de taalnoarm by de brûker, by de Fryske taalmienskip sels wei, dy binne net fan boppen-ôf oplein.

Wat is de rol fan de Fryske Akademy yn it ûntwikkeljen fan de skriuwtaalnoarm? De FA hat as wittenskiplik ynstitút de taak om it Frysk te beskriuwen, it taalmateriaal tagonklik te

meitsjen en om oan teoryfoarming te dwaan. It **foarskriuwen** fan it Frysk heart perfoarst net ta de taak. Soks sil boppedat op in mislearring útrinne. De FA (en ek de provinsje) hat dy macht net en de taalmienskip sil, sa hoopje ik hjirnei dúdlik te meitsjen, net oan it resept wolle. Ik wiis yn dit ferbân ek op de fisy fan Marc van Oostendorp, in ek yn FA-rûnten net ûnbekende heechlearaar Nederlânsk (mar ik soe noch folle mear saakkundigen oanhelje kinne):

‘Taalkundige Marc van Oostendorp krijgt vaak de vraag hoe het moet, hoe je iets zegt of schrijft. ‘Dan denken mensen dat wetenschappers daarover gaan, maar wij *bestuderen* alleen maar taal. Wij zijn niet de taalautoriteit.’ (Universiteit Leiden → ‘Nieuws’ (d.d. 4.6.2013).

Der is, nasjonaal en ynternasjonaal, in protte literatuer oer taalnoarm. Wa’t in earste yndruk krije wol fan ‘de’ taalnoarm yn it Nederlânsk en foaral fan de krêften dy’t dêryn meispylje, soe ris googelje kinne op ‘taalnormering’ of op ‘Wie is de baas over de taal?’ Koarte konklúzje fan it lêste: net ien is de baas of wy allegearre.

In oar punt. De foarstanners fan fierdere standerdisearring beroppe har gauris op it belang fan ‘ynkommelingen’, dy’t it Frysk skriuwen leare wolle en it ferskaat oan dialektfoarmen sa lestich fine soenen. Alderearst mei it neffens my net sa wêze dat minsken fan om utens ús in taalnoarm oplizze kinne. En wa’t dêr eefkes op trochtinkt, moat ta de konklúzje komme dat it der dan wol hiel treurich mei it Frysk foarstean soe: it ynfieren fan in taalnoarm dy’t troch eksterne faktoaren stjoerd wurdt. Boppedat: hoe grut soe dy groep fan bûten eins wêze? Yn alle gefal folle lytser as it tal fan-hûs-út Frysktaligen dat Frysk skriuwt.

En dan de klacht fan guon dat ek it ûnderwiis oan fan-hûs-út Frysktaligen sa lestich wêze soe fanwegen al dy dialekt- en oare ferskillen. Ik moat sizze dat ik net folle belang oan dy nearne goed ûndersochte klacht hechtsje. Ik ha 35 jier lang Frysk skriuwen leard oan mear as tûzen learlingen en studinten, fan hafû oant en mei universiteit, fan al of net-Frysktalich fan-hûs-út. Fansels: it wie wolris lestich om út te lizzen dat sawol it iene as it oare ‘goed’ wie, mar by myn witten hat dat foar net ien fan myn studinten ea de reden west om it Frysk mar net te skriuwen. It wie krekt oarsom: fierwei de measten hienen niget oan de ferskillen en fielden har eigen memmetaal wurdarre. Dat motivearre! It soe wolris wêze kinne dat it ‘probleem’ benammen yn de holle fan de dosint sels sit. Hoe dan ek: it soe de FA as ûndersyksynstelling in plicht wêze moatte om yn dit stik fan saken mei feiten, mei sifers te kommen foardat dy (ûndersyks)ynstelling überhaupt didaktyske arguminten ynbringt oer de taalnoarmdiskusje.

Ik wol der ek noch op wize dat der fan âlds ûnder taalbrûkers, taaldosinten én wurdboekskriuwers in grutte dialekttolerânsje bestien hat. Dat is ek skoan te begripen: sa stienen se sa ticht mooglik by har eigen taal en allinnich sa koenen se de relaasje mei de basis fan it Frysk, de sprektaal, behâlde. Ik ha dêr yn 1993 wiidweidich ûndersyk nei dien ferwiis dêrfoar graach nei de tred neamde titel yn de literatuerlist ûnder dit artikel.

Ta beslút. Ik soe graach wolle dat de foarstanners fan in fierdere en fan boppen-ôf opleine standerdisearring ynsjoch jouwe yn harren ideology. Dy hat yn alle gefal te krijen mei de

status fan it Frysk. Underskate útspraken fan foarstanners fan fierdere standerdisearring en formalisearring fan it Frysk yn it algemien wize dêrop. Ik jou in stikmannich foarbylden:

‘Meitsje fan it Frysk mar in serieuze taal mei in gruttere status en mear taalmacht.’ (Geart Tigchelaar, op www.ensafh.nl, 24.6.2013);

‘Us projekten [in nije staveringshifker, in automatyske oersethelp en in wurdboekportaal] sille nei ús betinken bydrage ta it realisearjen fan ‘e doelstelling fan ‘e provinsje om mei it Frysk yn it ûnderwiis in topposysje yn it ramt fan regionale of minderheidstalen yn Europa yn te nimmen.’ Brief d.d. 8.11.2011 fan de direkteur-bestjoerder fan de FA oan de provinsje.

‘Boppedat krijt de taal mei de nije produkten [wurdboekportaal, staveringshifker en oersethelp] ek yn ynternasjonaal opsicht mear status, makliker omtinken en boppedat nimt de taal dan in topposysje yn tusken regionale of minderheidstalen.’ Brief d.d. 20.12.2011 fan DS [yn de persoan fan de Kommissaris] oan de FA (merkteken 00985184).

It is moai (en needsaaklik) dat de foarstanners fan feroaringen yn standert (en stavering) har sa bekroadzje om de status fan it Frysk, mar dy belutsenheid op de bûtenkant en op ‘e bûtenwrâld mei net te’n koste gean fan de binnenkant, de ynhâld, en fan de brûkers, de Friezen sels. Dat is no al it gefal, sa’t ik hjirnei sjen litte sil.

LITERATUER

Pieter Breuker. ‘Ta de oergong ke › tsje yn it ferlytsingswurd’. Yn: *It Beaken*, jrg. 44 (1982), s. 85-95.

Pieter Breuker. ‘Taalideology, taalnoarm en taalsimplisme I-II’. Yn: *Us Wurk*, jrg. 38 (1989), s. 65-94 resp. jrg. 39 (1990), s. 105-143.

Pieter Breuker. *Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk* (1993). Myn hiele proefskrift giet oer ‘de’ noarmproblematyk, mar benammen op de siden 29-71, 95-126, 183-190 behannelje ik it ferbân tusken taalnoarm en Fryske dialekten. Ik lit dêrby foaral ek oare saakkundigen royaal oan it wurd.

Pieter Breuker. ‘The development of Standard West Frisian’. Yn: Horst Haider Munske (eintr.). *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies*. Tübingen, 2001, s. 711-721.

Pieter Breuker. ‘Ferantwurdig en útwurking fan noarmaspekten yn it *Hânwurdboek I-II* en yn it *WFT*’. Yn: *Us Wurk*, jrg. 52 (2003), s. 19-76.

II. Inkelde haadpunten út de foarskiednis oer de taalnoarmdiskusje

Ik ha net folle sin mear oan it hinne-en-wer geskriuwen mei de foarstanners fan fierdere standerdisearring. Ik ha de ôfrûne alve moannen myn stânpunten goed útlein, motivearre en dokumintearre. Dêrom behein ik my ta in pear haadpunten en dan ek noch hiel koart.

1.

De FA hat de provinsje en de Fryske taalmienskip net goed foarljochte oer syn plannen. In op himsels al foldwaande bewiis dêrfoar jouwe ús petearen ferline jier maaie en juny mei fertsjinwurdigers fan seis politike partijen (FNP, GL, CU, CDA, VVD, PvdA). It die hieltiten wer bliken dat dy gjin idee hienen oer de ymplikaasjes fan de FA-plannen foar de *taalnoarm*, se tochten allegearre dat it ‘allinnich mar’ om de stavering gong. Boppedat: PS koenen oangeande de taalnoarm ek net witte wêr’t se op 24.4.2013 in beslút oer namen: de FA hie in hiel summiere útlis jûn, taljochte troch mar in inkeld foarbyld.

It is goed besjoen noch helte slimmer. Doe’t de FA yn de jierren 2011-2013 by de provinsje pleite foar (ek) oanpassing fan de skriuwtalnoarm, koe datselde ynstitút **sels** ûnmooglik witte wat de konsekwinsjes fan dat pleit wienen: pas folle letter (te witten op 6.4.2014) kaam de FA mei syn sân standerdisearringskritearia foar it ljocht. Wat de praktyske útwurking dêrfan oangiet, hat de FA sels no noch mar in fraksje fan it materiaal presintearre. It FA-pleit wie (en is) in dûk yn it djippe.

In oar bewiis. Doe’t wy as groep fan sân útlein hienen wêr’t it werklik om gong, krigen wy yn koarte tiid mar leafst 104 persoanen en ynstânsjes fan kwizekwânsje efter ús. Wy hawwe dêrfoar net folle war dien.

De opmerking yn de *Reaksje Fryske Akademy op de beswieren tsjin in Wurdlist Frysk en tsjin in útstel ta staveringsoanpassings* (tenei koartwei *Reaksje*) op s. 3 dat der yn in ynternasjonaal fermidden fan saakkundigen ‘mei ynstimming reagearre waard op it stribjen om ta in strakkere standert foar it Frysk te kommen’ [n.o.f. fan Pieter Duijff syn lêzing ‘Towards a modern Frisian Standard’] kin, likemin as de oare op dy side oanhelle lêzingen, artikels en foarljochtingsbyienkomsten, tsjinje as legitimaasje foar de FA-plannen: yn al dy gefallen kin by in tekoart oan kritearia en konkrete data dy foarljochting net oars as breklik en ûnfolslein west hawwe.

2.

De FA-plannen ferskille op twa wêzentlike punten fan alle oare foargeande oansetten ta it (fierder) ûntwikkeljen fan in taalnoarm:

a. de FA wol de noarm fan boppen-ôf ynfiere. Aldergeloks hat de FA troch eksterne druk – fan de provinsje - wilens ôfsjen moatten fan syn plannen om de noarm foar ûnderwiis en amtlik ferkear te ferplichtsjen;

b. de FA wol yn ien kear (troch it publisearjen fan de wurdlist) de nije taalnoarm ynfierje, in taalnoarm dy't boppedat op hiel wat punten fan de besteande ferskilt (sjoch foar in earste útwurking dêrfan haadstik IV hjirnei).

Soks is noch nea earder fertoand.

3.

De FA hat net dúdlik meitsje kinnen dat der in draachflak foar syn plannen is. It berop op foarstanners op de 'staveringsjûn' fan 28.6. 2013, op it brief fan Cedin (dy't ek gjin ûndersyk ûnder belanghawwenden dien hat), op it brief fan minister Plasterk (jildt dy no ynienen as autoriteit?) en fan it rieplachtsjen fan eksterne saakkundigen (ik ha al earder frege wa't dat binne, mar op dy fraach gjin antwurd op krigen), it binne allegearre saken dy't net oertsjûgje. Hoefolle foarstanners binne der eins en wa binne dat? Wêr kinne wy har advizen lêze? It 'ynheljen' fan Goffe Jensma as foarstanner fan feroaring fan stavering en taalnoarm is in gotspe: dy hearde ommers ta de groep fan sân, dy't op 5.6.2013 in 'Oprop' oan de provinsje dien hat om stavering en standert **net** te feroarjen. Punt út!

4.

It *Groene Boekje* hat, wat de FA ek seit, eksplisyt net de bedoeling om in taalnoarm te jaan, it is op wurdnivo neat mear en neat minder as in útwurking fan de besteande staveringsregels foar it Nederlânsk. Wa't in oar doel oan it *GB* taskriuwe wol, jout in ferkearde foarstelling fan saken. Ik sitearje noch ien kear de einrigels fan de 'Inleiding' fan it *GB*:

'De Woordenlijst spreekt zich alleen uit over de vorm [dat wol sizze de stavering en de morfology] van de woorden en, als het om zelfstandige naamwoorden gaat, over het woordgeslacht. De opname van een woord mag derhalve niet beschouwd worden als een officiële goedkeuring van het woord, en het ontbreken van een woord betekent geen afkeuring.'

Dúdliker kin it net.

5.

Hoewol't ik de FA der it ôfrûne jier mear as ien kear op ferge ha om mei in sa folslein mooglik oersjoch te kommen fan de troch dy ynstelling bepleite feroaringen yn de taalnoarm, bliuwt it ek no yn syn *Reaksje* by in hantsjefol foarbylden (fan de tûzenen noch gjin 50 om krekt te wêzen). Dat is in minne saak: sa krije de belanghawwenden (wêrûnder ek de FA sels!) net in goed ynsjoch yn de konsekwinsjes fan de FA-plannen. Ik sil dat yn it haadstik hjirnei ek oan de hân fan foarbylden neier konkretisearje.

6.

Oars as de FA (sjoch de *Reaksje*, s. 11) bin ik fan betinken dat de FA oan syn opdrachtjouwer, de provinsje, wól rapportearje moat wat de (te ferwachtsjen) kosten binne dy't de feroaringen yn standert (en stavering) mei har meibringe. De FA moat, folle better as de provinsje, bysteat achte wurde om in ferantwurde skatting te meitsjen fan dy kosten. De FA hat dy ferantwurdlikheid ek omdat er troch de mienskip betelle wurdt. De FA heart middenyn de Fryske mienskip te stean en hat dêrmei in maatskiplike ferantwurdlikheid, bygelyks yn de sin fan it dwaan fan maatskiplik relevant ûndersyk (sels universiteiten wurde hieltiten mear op dat lêste punt ôfrekkene).

III. Algemiene opmerkingen oer de FA-kritearia om foarkarsfoarmen oan te wizen

Ik meitsje foarôf inkelde algemiene opmerkingen oer de FA-‘metoade’ om ta seleksje te kommen.

1.

Alderearst merk ik op dat it hieltiten werhelle berop op ‘it Hânwurdboek’ om mear as ien reden elke legitimaasje mist. It bedoelde Hwb is, koartlyn noch mar (2008), ommers ek troch de FA gearstald, krekt noch: troch trije fan de fjouwer (Pieter Duijff, Frits van der Kuip en Hindrik Sijens) FA-meiwurkers dy’t no de ‘Wurdlist’ gearstalle wolle. Sa giet it dus hieltiten om itselde (beheinde) rûntsje. By myn witten hat de FA by de tapaste taalnoarm yn it Hwb gjin inkeld draachflakûndersyk dien. Dat hie al moatten, al wie it allinnich mar omdat dy noarm yn ferhâlding ta alle oare Akademy-wurdboeken in stik stringer wurden is (en dan gean ik der mar oan foarby dat de FA net preskriptyf, mar deskriptyf wurk heart te leverjen). Ik merk noch op dat it folgjende sitaat op s. 10 fan de *Reaksje* in losse flodder is, net op ûndersyk tebekgiet: ‘De frekwinsjelisten litte sjen dat de keazen standertfoarm yn it HWB yn ‘regel oerienkomt mei it taalgebrûk fan de mearheid fan de Frysk**skriuwers** sels. Dat sil mei in reden wêze dat de standerdisearring dy’t trochfierd is yn it HWB net laat hat ta protesten fan brûkers.’ It boppesteande moat boppedat ek relativearre wurde omdat it Hwb 2008 noch mar amper yn gebrûk is en de grutte mearheid fan de Friezen âldere wurdboeken brûke sil.

2.

In oar algemien punt. De FA giet út fan it materiaal yn de Taaldatabank. De TDB is gearstald út ferskate boarnen, út hiel ferskillende tiden. Net dúdlik wurdt hokker materiaal oft út de TDB brûkt is. Dat is wol fan belang, allinnich al om te witten yn hoefier’t it in ôfspegeling fan it algemien gebrûklike skreaune Frysk is. Boppedat: hâlde de meiwurkers fan de FA by it kiezen foar in beskate foarm wol rekken mei patroanen, mei tendinzen yn har ûndersyksmateriaal? As bygelyks frekwinsje al in brûkber kritearium wêze soe, dan sizze de keale sifers op harsels noch net genôch. Lit my as foarbyld de FA-riddenaasje by it wurdpear ‘do’-‘dû’ folgje. Allinnich mar omdat ‘do’ mei syn frekwinsje fan 3557 folle faker foarkomt as ‘dû’ (580 kear) kiest de FA foar de earste foarm. Dat is, ôfsjoen fan it kritearium sels, te simpel. It makket ferskil oft dy 580 en 3557 kear egaal oer de tiid en it materiaal ferspraat binne of oft der tendinzen yn de frekwinsje fan de iene of de oare foarm oan te wizen binne.

Wat de frekwinsje oangiet, is it boppedat te simpel om samar te tellen, allinnich mar rekken te hâlden mei de absolute frekwinsje. Stel: fan it fariantepaar A komt fariant b 100 kear foar en fariant c 1000 kear en fan it fariantepaar B fariant d 20 kear en fariant e. 50 kear. De FA-riddenaasje sil wêze dat de foarkar jûn wurde moat oan de farianten c en e: dy ‘winne’ it neffens absolute frekwinsje ommers fier fan har konkurrinten b en d. Mar as men nei de

relative frekwinsje sjocht, dan lizze de sifers hiel oars: b : c as 1 : 10 en d : e as 2 : 5. Sjoch fierder ek noch IV.d.

Goed besjoen is de situaasje noch kompleks. De FA liket liket ek gjin rekken te hâlden mei de relaasje tusken de frekwinsje fan beskate foarmen en de taaleftergrûn fan de skriuwers fan wa't it materiaal yn de Taaldatabank opnommen is. In fraach yn dit ferbân. Binne skriuwers fan de Klaai en út de Wâlden op in lykwaardige wize fertsjinwurdige of hawwe de earsten de oerhân? Ut in ûndersyk fan Teake Hoekema ('Us kriiuwers yn spried en tal'. Yn: *Us Wurk*, jrg. 9 (1960), s. 90-95) docht bliken dat oant 1875 hast gjin (literêre) skriuwers yn de Wâlden of de Súdwesthoeke berne binne. By 1875 kin men dan ek noch sa'n 25 jier optelle, omdat de measte skriuwers net foar har 25^{ste} debutearje. Oars sein: neat gjin wûnder dat oant likernôch 1900 Wâldfryske en Súdwesthoekster foarmen (foar safier't dy ôfkomstich binne fan literêre skriuwers) yn de TDB ûnderfertsjinwurdige binne.

De konklúzje kin wêze dat it materiaal út de TDB net sûnder mear brûkt wurde kin en dat men op ferskillende wizen telle kin en moat.

3.

In tredde algemien punt. De FA wiist (op grûn fan it beheinde materiaal dat dy ynstelling yn syn *Reaksje* presintearret) meastal wol in foarkarsfoarm oan, mar hiel geregeld ek net. As ik goed teld ha, jout de FA yn lyts 40 gefallen oan hokker foarm har foarkar hat, mar dêr steane njoggen gefallen foaroer dat der gjin kar is. Ik neam de lêsten:

'krupsje' - 'korrupsje', 'belangryk' - 'wichtich', 'foarsichtich' - 'hoeden', 'altyd' - 'altiden', (wurden op) '-ens' resp. '-heid', 'sy' - 'se', 'sneon' - 'saterdei', 'neist' - 'njonken', 'museums' - 'musea'. Dêr moatte dan noch de gefallen by opteld wurde dy't as útsûnderingen jilde op it FA-'systeem': 'goeried', 'goemoarn', 'knyn' en 'plysje'. Al ferskille de kreative sifers miskien in hiel lyts bytsje mei myn oersjoch hjirboppe, dat jout wol in betrouber ynsjoch yn it problematyske karakter fan it oanwizen fan in foarkarsfoarm. Dat 'slagget' yn lyts 40 gefallen al, yn 12 net. Soks komt de learberens fansels net te'n goede. Dêr kin noch by sein wurde dat men al de nedige taalkundige kennis hawwe moat om de riddenaasjes fan de FA folgje te kinnen. Wa hat werklik doel oer begripen as 'tradysje', 'distansjearring', 'lykfoarmigens', 'gongberens', 'etymology', 'synonimy', 'frekwinsje' (de kritearia dy't de FA brûkt by har seleksje), hokker 'gewoane' taalbrûker wit wat 'leksikalisearre gefallen', 'foarmfarianten', 'morfologyske en semantyske fariaasje' ynhâlde?

4.

De útwurking fan de FA- kritearia lit sjen dat noris de iene (Klaaifryske), dan wer de oare (Wâldfryske) of noch wer in oare foarm keazen wurdt. Dat makket de taalûnwissens fan de brûker dy't by it skriuwen (ek) te seil giet op de kennis dy't er fan syn eigen dialekt hat en

him basearret op de besteande taalnoarm (mei dêryn dus royaal romte foar Klaai- en Wâldfryske foarmfarianten), allinnich mar grutter (en dy ûnwissens is al hiel grut).

Inkelde foarbylden (de *Reaksje* sjocht de fetprinte foarm foar de standert oan)

<i>Klaaifrysk</i>	<i>Wâldfrysk</i>
-------------------	------------------

geel	giel
------	-------------

rom	rûm
------------	-----

do	dû
-----------	----

mar:

sneon	saterdei
--------------	-----------------

<i>Súd</i>	<i>Noard</i>
------------	--------------

damje	damme
--------------	-------

ljip	leep
-------------	------

brâne	baarne
--------------	--------

<i>East</i>	<i>West</i>
-------------	-------------

kastje	kastke
--------	---------------

Foar de dúdlikens: ôfsjoen fan ‘geel’ binne de oare net-fetprinte foarmen net stigmatisearre yn de no hearskjende skriuwtaalnoarm.

5.

Sa’t ik hjirfoar krekt opmurken ha, brûkt de FA (yn alle gefal) sân kritearia om ta it oanwizen fan in foarkarsfoarm komme te kinnen: tradysje, distansjearring, lykfoarmigens, gongberens, etymology, synonymy en frekwinsje (wat is oars it ferskil mei ‘gongberens’?). Dat grutte tal oan kritearia (dy’t gauris ek noch mei - inoar yn striid binne, sa’t ik hjirnei sjen litte sil) is de deastek foar de learberens fan de taalnoarm sa’t de FA dy yn ‘e holle hat. Sels spesjalisten sille der net útkomme, se moatte tenei by it skriuwen fan it Frysk de regels en it boekje, de wurdlist fan de FA dus, by de hân hawwe. Dat kin ûnmooglik it doel fan de FA en de provinsje wêze!

6.

By konkurrinsje fan twa of mear fan boppesteande kritearia is it net dúdlik hokker dêrfan de foarrang hat. Oars sein: der ûntbrekt in ûnderlinge hiërgy. Ik sil hjirnei oan de hân fan konkrete foarbylden sjen litte dat de brûker allinnich dêrom al faak mei lege hannen stiet.

It ‘model’ fan de FA is ûnbrûkber, sa kin de konklúzje no al wêze. De FA sjocht yn syn *Reaksje* (s. 6) oars sels ek wol yn dat it net maklik is om in brûkber model te meitsjen:

‘Tsjinstanners fan de wurdlist hâlde út dat der gjin metoade wêze soe om in foarkarsfoarm te kiezen. De FA is de earste om ta te jaan dat dat bytiden ek hiel dreech is. Der sil op yndividuele karren ek grif krityk mooglik wêze, dêr stiet de FA ek foar iepen.’

Likegoed konkludearret de FA (mar te’n ûnrjochte):

‘Dat der gjin metoade is om in kar te meitsjen ûntstriidt de FA syn kritikasters.’

En de swierrichheden binne hyn noch te nei net beheind ta ‘yndividuele karren’, se binne **struktureel** fan aard. Dat sil ek hieltiten wer bliken dwaan by de útwurking fan de sân FA-kritearia (it haadstik hjirnei).

IV. De sân FA- kritearia foar fierdere standardisearring bylâns

Al hoefolle gefallen en foarbylden oft ik hjirûnder ek jou, alhielendal yn ferhâlding ta de FA, ek myn materiaal is noch tige beheind (mar mei syn tsientallen kategorijen en hûnderten foarbylden genôch om dúdlik te meitsjen dat de FA-plannen oergean moatte). De konklúzje dêrút kin wêze dat de problemen dy't ik no al sjen sjen lit noch helte grutter wêze sille. Ik hâld hjirûnder de (net troch de FA taljochte) folchoarder fan de kritearia yn de *Reaksje* oan.

a. tradysje

Ik begjin mei in sitaat út de Reaksje: 'Sa't hjirboppe al opmurken is, bestiet der yn it Frysk al fierhinne in skreaune standert. Dy is yn de rin fan de tiid yn de hânwurdboeken dellein. Dat dêryn oant no ta meastentiids net keazen is foar farianten út de perifeare dialekten mei dúdlik wêze. Mar hokker fariant út de twa grutte dialekten Klaai- en Wâldfrysk as foarkarsfoarm nommen wurde moat, is yn de wurdboeken net altyd helderheid oer. Dochs is it al lang wenst om de farianten dy't yn de wurdboeken as earste neamd wurde, as foarkarsfoarm te beskôgjen.'

Kommentaar.

It earste part fan dit sitaat kin ik it mei iens wêze, mar de (krusjale) lêste sin is net wier. Sa liket it derop dat Zantema yn syn Hânwurdboek Frysk-Nederlânsk (1984) by foarmfariaasje it troch him earstneamde wurd net as de foarkarsfoarm beskôget, alteast as de ûnderskate foarmen troch in komma skaat wurde. Foar wiidweidige ynformaasje oer noarmaspekten yn it Hwb I-II fan 1984 en yn it WFT ferwiis ik nochris nei myn: Pieter Breuker. 'Ferantwurdiging en útwurking fan noarmaspekten yn it *Hânwurdboek I-II* en yn it *WFT*'. Yn: *Us Wurk*, jrg. 52 (2003), s. 19-76. Wat fan boppesteande útspraak oerbliuwt, is dat pas sûnt 2008 it earstneamde wurd as foarkarsfariant jildt. As de FA 'tradysje' as kritearium brûke wol, dan sil dy ynstelling krekt net in berop dwaan moatte op it nijste Hwb (dat dus fan 2008), mar op syn foargongers.

In oar punt is dat de FA it begryp 'tradysje' hjirre beheint ta de 'hânwurdboeken'. It is goed om jin te realisearen dat dy in selektive en subjektive kar út it skreaune Frysk werjouwe.

b. distansjearring

Distansjearring - fan it Nederlânsk - is in bekend kritearium yn de diskusje oer de taalnoarm fan it Frysk. It is ek in begryplik kritearium: de taal dy't men brûkt, moat men wol as eigen oanfiele. It sil tagelyk dúdlik wêze dat de mieningen oer it begryp 'eigen' ferskille. Skriuwer ik no wol 'achter' of kies ik foar 'efter', brûk ik 'erge(n)s' of 'earne', twa dilemma's út hûnderten gefallen dêr't elke Fryskskriuwer mei tangele sit. In oar punt is dat foarmen dy't op it Nederlânsk lykje of dêr sels mei gearfalle, makliker yn it ûnthâld sitten bliuwe: elke Frysktalige behearsket ommers ek (en faak better) it dominante Nederlânsk. Om gjin misferstân te krijen: ik pleitsje hjirre net foar it samar oernimmen yn it Frysk fan foarmen dy't

troch it Nederlânsk beynfloede binne, mar ik wol al oanjaan dat men it prinsipe fan ‘distsansjearring’ net blynwei tapasse moat.

Hoe sit it no mei de útwurking fan dit kritearium yn de *Reaksje*? Bûten it wurdpear ‘hiel’-‘heel’ is dêr as foarbyld allinnich noch fan te finen ‘de weifal fan de ‘e’’, taljochte oan de hân fan ‘kiste’-‘kist’ en ‘mûtse’-‘mûts’. Wa’t mei de FA foar ‘kiste’ en ‘mûtse’ kieze soe, moat him realisearje dat er dêrmei ek bûn is oan bygelyks ‘bûde’, ‘frage’, ‘harpe’, ‘huzinge’, ‘krobbe’, ‘leare’, ‘podde’, ‘ponge’, ‘printinge’, ‘soarte’ en ‘strôte’. Oft dat ferstannich is en yn oerienstimming mei ‘de tradysje’? Yn syn Hwb 1984 - dus ûnderwilens 30 jier âld en dêrmei folle mear yn ‘e beneaming kommend foar de kwalifikaasje ‘tradysje’ - beskriuwt Zantema alle boppeneamde foarmen as lykweardich oan har wjergaders sûnder -e en yn ien gefal sels as sekundêr (‘frage’; dat jildt ek foar ‘bygelyks ‘rolle’ en ‘krage’). Of mei yn (guon fan) myn foarbylden de -e wol weilitten wurde en prevalearret dan ynienen it prinsipe fan ‘tradysje’, ‘gongberens’ of ‘frekwinsje’?

Ik kom ek noch eefkes op ‘hiel’ - ‘heel’. Distsansjearring kin, sa nim ik oan, ek meispylje yn soartgelikense gefallen, bygelyks yn ‘diel’ - ‘deel’, ‘giel’ - ‘geel’ en ‘kiel’ - ‘keel’. Betsjut de kar fan de FA no ek dat yn wurdpearen as ‘pinsiel’ - ‘pinseel’ en ‘personiel’ - ‘personeel’ (dus dy fan in frjemd komôf) de foarkar nei de ie-foarmen útgiet? Dat soe net strike mei de opfetting fan Zantema 1984 (dy beskôget beide foarmen as lykweardich) en ek net mei de eigen Akademy-praktyk: better net te witten hâlde de FA oant no ta altiten ‘personeelsreiskes’. En hoe sit it mei (minder gongbere) farianten as ‘persiel’ en ‘paniel’? Kiest de FA hjirre foar distansjearring of foar ‘tradysje’, ‘gongberens’ of ‘frekwinsje’?

Dan - út folle mear - in pear foarbylden fan mooglike distansjearring dy’t net yn de *Reaksje* steane. Yn it Frysk kinne ‘-oer’ en ‘-uer’ fariearje, bygelyks yn ‘doer’ - ‘duer’ en ‘fjoer’ - ‘fuer’. Ik mei oannimme dat de FA op grûn fan distansjearring foar de -oe-foarmen kiest. Jildt dat ek foar wat fan âlds lienwurden wienen, bygelyks ‘natoer’-‘natuer’? En bringt de fariaasje yn ‘oe’-‘ue’ de faak dochs al ûnwisse skriuwer fan it Frysk net op dwaalwegen, bygelyks troch te tinken dat op grûn fan distansjearring de wurdlist fan de FA miskien ek wol de foarkar jaan sil oan bygelyks ‘faktoer’, ‘literatoer’ en ‘miniatoer’ yn stee fan de gongbere farianten ‘faktuer’, ‘literatuer’ en ‘miniatuer’?

Noch in inkeld foarbyld. Wat docht de FA mei bygelyks ‘elk’ en ‘elts’, ‘maat’ en ‘meart’, ‘plaat’ en ‘pleat’, Wurket hjirre it pinsipe fan distansjearring (hieltiten de twad neamde fariant) of giet dêr frekwinsje oan foarôf?

c. lykfoarmigens

De *Reaksje* neamt bûten it wurdpear ‘brâne’-‘baarne’ as foarbylden allinnich noch it altiten skriuwen fan de ‘einichste ‘d’ yn wurden lykas ‘died’, ‘ried’, ‘sied’, ‘goed’ en ‘paad’, ek al

wurde guon dêrfan ‘gauris’ sûnder dy ‘d’ skreaun. As útsûndering op de regel jilde ‘leksikalisearre gefallen’ as ‘goeried’ en ‘goemoarn’. Eefkes ôfsjoen fan de fraach wat no de term ‘leksikalisearre’ krekt ynhâldt en wat dêr yn dit gefal al of net ûnder falle soe, de mar twa neamde útsûnderingen jouwe in beheind en dêtroch misliedend byld. Want falle dan ûnder de útsûnderingen dy’t by ‘goed’ hearre ek net ‘goefreon’, ‘goefries’, ‘goefrysk’, ‘goegemeente’, ‘goegunder’, ‘goeguod’, ‘goejûn’, ‘goekunder’, ‘goeman’, ‘goemem’, ‘goemiddei’, ‘goeminske’, ‘goenacht’, ‘goenamme’, ‘goereis’ en ‘goerie’, dy’t alle 16 yn Zantema 1984 as iennichste foarm jûn wurde? Oar sein: it tal útsûnderingen wurdt dêrmei sa grut dat dêr gjin each mear op te hâlden is.

Hoe komt it mei foarmen as ‘reafallich’, ‘reahart’, ‘reahintsje’, ‘reahûn’, ‘reastirns’ en ‘reaweiten’ (ek allegearre yn Zantema te finen)? Binne dat leksikalisearre gefallen of falle dy ek ûnder de wet fan de lykfoarmigens en ‘moatte’ se in ‘d’ krije?

Wat docht de FA mei farianten as ‘hûzen’ - ‘huzen’, ‘krûken’ - ‘kruken’, ‘lûzen’ - ‘luzen’ en ‘prûken’ - ‘pruken’, wat mei ‘beammeguod’ - ‘beamguod’, ‘skoallemienskip’ - ‘skoalmienskip’, mei ‘beloften’ - ‘beloftes’, ‘beroerten’ - ‘beroertes’, ‘binden’ - ‘bindes’, ‘akkoladen’ - ‘akkolades’, ‘fitaminen’ - ‘fitamines’, ‘rotonden’ - ‘rotondes’ en fergelykbere gefallen? Wat de fariaasje –n - -s oangiet: Zantema 1984 jout gauris oan dat beide meartallen mooglik binne, mar kiest soms of foar de –n (byg. ‘flakten’, ‘rinten’, of foar de –s (byg. ‘guillotines’ en ‘koades’).

In oar foarbyld: nei fokaal kriget it ferlytswurd in útgong op -ke of -tsje. Yn guon gefallen is allinnich ferlytsing op -ke gebrûklik, byg. yn ‘twake’, ‘ka(a)ike’, ‘boaike’, ‘strieke’, ‘bijke’, ‘amerijke’, yn oare (mar folle minder faak) allinnich mar -tsje (byg. yn ‘kûpeetsje’ en ‘kadootsje’), mar gauris binne, ek yn de wurdboeken, dûbelfoarmen te finen, lykas yn ‘blauke’ - ‘blautsje’, ‘frouke’ - ‘froutsje’, ‘autoke’ - ‘autootsje’, ‘ideke’ - ‘ideetsje’, ‘kamerake’ - ‘kameraatsje’. Wat docht de FA mei dizze dûbelfoarmen? Falle dy ek ûnder it prinsipe fan lykfoarmigens en as de FA foar (safolle mooglik) ien foarm kiest, wurdt dat dan -ke (ek mei it each op distansjearring)? Dy kar soe grif gauris mei it prinsipe fan ‘gongberens’/ ‘frekwinsje’ botse.

In lêste foarbyld. Guon tiidwurden kinne sawol op -e as op -je einigje. De FA jout sels ien foarbyld út dy kategory: ‘damme’-‘damje’. Omdat ‘damme’ 17 kear foarkomt en ‘damje’ 302, falt de kar op ‘damje’. Dat soe de Fryskskriuwer op it idee bringe kinne dat by soartgelikense foarmfarianten de -je-foarm de foarkar hat (dêrmei wurdt tagelyk ‘rjocht’ dien oan it prinsipe fan ‘distansjearring’). Mar kiest de FA yn de neikommende wurdpearen ek werklik foar de -je-fariant, of is it no de iene, dan de oare fariant (mei as gefolch dat it in tizeboel wurdt)? Ik neam (by wize fan foarbyld): ‘achtsje’ - ‘achte’, ‘dichtsje’ - ‘dichte’, ‘driigje’ - ‘drige’, ‘hakje’ - ‘hakke’, ‘hoedzje’ - ‘hoede’, ‘húnje’ - ‘hune’, ‘kapje’ - ‘kappe’, ‘kleurtje’ - ‘kleure’, ‘moetsje’ - ‘moete’.

N.B. De FA kiest by it wurdpear ‘brâne’ - ‘baarne’ foar de earste foarm, op grûn fan it kritearium fan lykfoarmigens (mei wurden as ‘brân’ en ‘brânfersekering’). Ik wiis derop dat dy kar stridich is mei it prinsipe fan distansjearring: dan soe ommers krekt ‘baarne’ de foarkar hawwe moatte.

d. gongberens

De FA stelt yn alle ienfâld: ‘In frekwinte fariant hat de foarkar boppe in fariant dy’t minder frekwint is.’ Dat kritearium wurdt oan de hân fan goed tsien foarbylden neier taljochte. Der binne grutte beswieren tsjin it kritearium fan frekwinsje yn te bringen. Alderearst ferwiis ik nochris nei wat ik ûnder III.2 steld hat. Men kin net samar telle, men moat witte wat men telt en wêrom.

Mar ek de konkrete útwurking fan it kritearium ropt fragen op. Ik ha mei de FA ek oan it tellen west. Fan de foarbylden dy’t de FA jout, is de frekwinsjeferhâlding tusken ‘hja’ - ‘hju’ it ekstreemst, mei resp. 1.400 en 0. (Ik merk sydlings op dat út de taljochting op dy sifers bliken docht dat de FA allinnich mar rekken hâldt mei it skreaune Frysk. Dat liket my net fanselsprekkend ta, ek al net om de Taaldatabank ek mûnling materiaal befettet. Dat feit is yn dit gefal hielendal fan belang omdat de FA sels konstatearret dat yn de sprektaal ‘hju’ wolris frekwinter wêze kinne soe as ‘hja’. As de FA hielendal gjin rekken hâldt mei it sprutsene Frysk, moat dat eksplisyt ferantwurde wurde.)

Ik kom werom op frekwinsjeferhâldingen. Dy is fansels net altiten 100% - 0 % (lykas dus yn ‘hja’ - ‘hju’). Oan de oare kant fan it spektrum binne ‘kastke’ - ‘kastje’ en ‘diene’ - ‘dienen’ te finen, mei dizze sifers: 156-52 resp. 1284-662, of 75-25 en 66-34 persint. Hoe’t men ek tsjin dy sifers oansjen wol, yn beide gefallen **giet it ek by de minst frekwinte foarmen net om obskuere foarkommens**. Sokke getallen kinne net samar mei in pinnestreek oan ‘e kant fage wurde. Se litte tagelyk sjen dat it kritearium fan ‘frekwinsje’ ûnbrûkber is: wêr falt, op grûn fan in wittenskiplike ferantwurdiging, de grins tusken ‘frekwint’ en ‘minder (of net-) frekwint’ te lizzen?

En hoe sit mei it soms konfliktearjende kritearium fan distansjearring? Ik doar hast wol op in briefke te jaan dat (foaral eastlike) foarmen as ‘barm’, ‘farve’, ‘markel’ en ‘swarm’ minder frekwint binne as har wjergaders mei ‘e’, mar dy lêsten steane tagelyk tichter by it Nederlânsk. Hokker kritearium is liedend foar de FA?

Noch in soartgelikens foarbyld (út folle mear). Wat docht de FA mei foarmen as ‘koeler’ - ‘koelder’, ‘mâler’ - ‘mâlder’ en ‘meander’ - ‘meaner’? Dy sûnder ‘d’ sille grif frekwinter wêze, mar steane tagelyk wer tichter by it Nederlânsk.

e. etymology

Folle foarmen, sa skriuwt de FA, hawwe de foarkar boppe har ôfsliten wjergaders, dus ‘absolút’, ‘biblioteek’ en ‘bombardearje’ yn stee fan ‘abslút’, ‘bibleteek’ en ‘bommedearje’. Utsûnderingen binne ‘leksikalisearre gefallen’ as ‘knyn’ en ‘plysje’, wylst fanwegen betsjuttingsferskil sawol ‘korrupsje’ as ‘krupsje’ opnommen wurde. Op de seis foarbylden binne dus al trije útsûnderingen. Der moatte grif folle mear wêze. Sûnder lang om foarbylden socht te hawwen freegje ik my ôf wat de FA docht mei (hiel ferskillende kategoryen en foarbylden as) ‘prosint’ - ‘persint’, ‘reumatyk’ - ‘rimmetyk’, ‘minút’ - ‘menút’, ‘ierdappel’ - ‘ierappel’ (en noch folle mear gongbere ierdappel-farianten), ‘skerteldoek’ - ‘skelk’, ‘aanstûns’ - ‘aansens’/ ‘aansent’/ ‘aanst’, ‘moarntejûn’ - ‘moarnjûn’, ‘allegearre’ - ‘allegear’, ‘behalven’ - ‘behalve’, ‘fierstentefolle’ - ‘fierstefolle’, ‘avensearje’ - ‘avesearje’, ‘pantoffel’ - ‘toffel’, ‘sekretaris’ -/ ‘sekretarij’ - ‘siktaris’/siktarij’, ‘programma’ - ‘program’, ‘telefoan’ - ‘tillefoan’, ‘televyzje’ - ‘tillefyzje’, ‘situaasje’ - ‘sitewaasje’.

f. synonymy

‘Gongbere synonymen, lykas *belangryk* en *wichtich* of *foarsichtich* en *hoeden* of foarmfarianten lykas *altid* en *altiten* wurde yn de wurdlist opnommen’, sa seit de *Reaksje*.

No is it begryp ‘synonymy’ problematysk: in FA-boarne, it *WFT*, skriuwt:

‘Hwant mar hiel inkeld treft it, dat it hiele bitsjuttingsfjild fan in wurd folslein past op dat fan in oar wurd. Yn sa'n moai seldsum gefal is der sprake fan absolute synonymy. [D.A. TAMMINGA, L.C., \[6-2-1960\]](#).’ Oars sein: twa foarmen betsjutte mar selden itselde of kinne yn krekt deselde kontekst en stylsoarte brûkt wurde.

Myn twadde opmerking hat te krijen mei it begryp ‘gongber’. Dêr sit fansels gâns rek yn (krekt lykas yn ‘frekwinsje’). Om wat konkreter te wurden: wat docht de FA mei (fierhinne) synonyme wurdpearen as ‘eat’ - ‘wat’, ‘jerne’ - ‘graach’, ‘jit(te)’ - ‘noch’, ‘immen’ – ‘ien’ (de earstneamde farianten binne frijwat argaysk), wat mei ‘benammen’ - ‘foaral’, ‘gaadlik’ - ‘geskikt’, ‘útstel’ - ‘foarstel’ (as it prinsipe fan distansjearring prevalearre soe, dan soenen fan alle sân neamde dûbelfoarmen allinnich de earstneamde keazen wurde kinne), hoe sit mei foarmfarianten, bygelyks meartalsfoarmen op sawol -en as -s: ‘betsjuttingen’ - ‘betsjuttings’, ‘feroarigen’ - ‘feroarings’, ‘oefeningen’ - ‘oefenings’, ‘opliedingen’ - ‘opliedings’, ‘bermen’ - ‘berms’, ‘foarmen’ - ‘foarms’, ‘redenen’ - ‘redenens’ (en tsientallen oaren) (fegelykje ek it ûnder IVc stelde by ‘lykfoarmigens’). Jout de FA hjirre de foarkar oan frekwinsje (en dan skat ik dat de twad neamde farianten keazen wurde soenen), oan distansjearring (dan falt de kar op de foarmen op -en) of, al ôfwikseljend, oan beide?

g. noch wat losse opmerkingen n.o.f de Reaksje.

a.

Represintanten fan haadwurden dy't sawol op -ens as -heid einige kinne, krije allegearre in plak yn de FA-wurdlis, 'om't hjir sprake is fan morfologyske en (soms) semantyske fariaasje' (*Reaksje*, s. 8). Dat is opmerklik: krekt dêrfoar neamt de FA fariaasje tusken ferlytswurden op -ke of op -je en fariaasje tusken tiidwurden op -je of -e. Yn beide gefallen jout de FA wol in foarkarsfoarm oan (op grûn fan frekwinsje krije de -ke- en de -je-foarmen de foarkar). Mar krekt lykas by -ens en -heid giet it dêrby ek om morfologyske fariaasje.

b.

Omdat 'sneon' ('mear as 12000 kear') en 'saterdei' ('mar 35 kear') leksikale farianten fan inoar binne, wurde beide farianten (as lykweardich) opnommen (*Reaksje*, s. 9). Dat prinsipe hat fiergeande konsekwinsjes. De FA jout sa de romte oan hûnderten (dialekt)farianten en docht dêrmei sels har ideaal fan in strakke noarm ûnderstek. (It is oars opmerklik dat de FA syn plannen ta feroaring fan de stavering motivearret mei it útgongspunt dat der gjin útsûnderingen wêze moatte!)

Ik neam (út hûnderten foarbylden): 'flues' - 'flij', 'harke' - 'riuwe', 'nôch' - 'gear', 'tuolle' - 'skammel', 'eamelder' - 'mychammel', 'earkrûper' - 'foarkestekker', 'hin' - 'pyk'/'kyp', 'stikelbaarch' - 'ychelbaarch', 'wyfke' - 'ei', 'sûch' - 'mot', 'boerekoal' - 'boeremoes', 'krúsbeien' - 'krúslannen', 'lysterbeien' - 'koetsebeien', 'reade beien' - 'strinkjebeien'/'strúskebeien', 'roazebottel' - 'soere surk'/'soere sulk'. 'tiksel' - 'krineblêd'.*

Hoe ûnbegryplik foar net-faklju (en dat binne fierwei de measten) de FA-riddenaasje wêze moat, is goed sjen te litten oan de fergelyking tusken 'sneon' - 'saterdei' en 'do' (3557 kear) – 'dû' (580 kear). Oars as 'saterdei' wurdt 'dû' (dat relatyf faker foarkomt!) net opnommen, omdat it dus gjin leksikale fariant fan 'do' is. As der no ien wurd is dêr't men de taal fan de Wâldfriezen mei typearje kin, dan is dat 'dû'. San iensidige kar foar 'do' is allinnich al om psychologyske reden net te ferkeapjen.

* In grut part fan de foarbylden giet tebek op wat Klaas van der Veen (âld-wurdboekmeiwurker en dialektolooch fan de FA) typearret as hearrend ta de 'kearn' fan it Klaai- resp. it Wâldfrysk (sjoch: Klaas van der Veen. 'De frekwinsjeferhâlding fan inkelde dialektyske farianten' (*It Beaken*, jrg. 43 (1981), s. 30-53).

c.

De *Reaksje* docht bûten de fariaasje -e en -je en doetiidsfoarmen op -e resp. -en gjin útspraken oer de foarmfarianten by tiidwurden. Dat ferskaat is krekt dêr hiel grut en as der ien kategory

wurden yn beweging is, dan binne dat wol de tiidwurden. Boppedat hawwe tiidwurden in tige sintraal plak yn 'e taal. Wat docht de FA bygelyks (ik jou wer in seleksje) mei de neikommende foarmfarianten en op grûn wêrfan?:

1. brekking resp. gjin brekking

heare	hearre
meale	mealte

2. ôfslutend mulwurd op -en resp. -d

kennen	kend
kinnen	kind
kommen	komd
sillen	sild
wollen	wold

3. sterke resp. swakke doetiid

blies	blaasde
blik	blykte
doek	dûkte
gloep	glûpte
griep	grypte
hold/hood	hâlde
kniep	knypte
kroep	krûpte
liek	like
roek	rûkte

skôp	skopte
sloep	slûpte
sleat/sluet	slute
snuet	snute
stau	stode
stroep	strûpte
tursk	terske
urf	erfde/ erve
wiek	wykte
wriek	wreekte

4. mear as ien sterke doetiidsfoarm

gie, gong (en gyng)

hold, hood

sleat, sluet

5. ôfslutend mulwurd: sterk resp. sterk, mar mei lûd analooch oan notiid/swak

bean	bidden
fergetten	ferjitten
flochten	flechte
getten	jitten
glûpen	glûpt
metten	mjitten
sketten	sjitten
sletten	sluten
snien	snijd
swein	swijd
tongen	tinge

6. ôfslutend sterk mulwurd mei ‘Nederlânsk’ lûd resp. swak ôfslutend mulwurd

bleken	blykt
grepen	grypt
knepen	knypt
weken	wykt

Ik wol der noch op wize dat it besykjen yn 1989 fan de Afûk (ûnder de ideologyske lieding fan drs. Sytze T. Hiemstra) om it ferskaat oan (sterke/ûnregelmjittige) tiidwurdsfoarmen oan strakkere regels te binen, op in grutte mislearring útrûn is. It byhearrend learmiddel, it boekje *Tiidwurden* (1989) fan drs. Dick Eisma, hat op syn bêst (en dan ek noch mar allinnich yn it earstoan) yn eigen Afûk-rûnten wat neifolgers hân. Sjoch foar in wiidweidige analyze fan it boekje:

Pieter Breuker. ‘Taalideology, taalnoarm en taalsimplisme I-II’. Yn: *Us Wurk*, jrg. 38 (1989), s. 65-94 resp. jrg. 39 (1990), s. 105-143.

V. Gearfetting en konklúzjes

Yn **haadstik I** gean ik koart yn op aspekten fan myn eigen taalnoarm. Dêrmei wol ik de lêzer in byld jaan fan myn posysje fan datoangeande. Kearn fan myn riddenaasje is dat it skreaune Frysk - dat dochs al swak stiet – sa ticht mooglik by de taal fan de brûker (en dat binne foar fierwei it fierwei it grutste part fan-hûs-út Frysktaligen) oanslute moat.

Yn **haadstik II** neam ik nochris in oantal punten dy't yn de diskusje tusken foar- en stjinstanners fan feroaring fan stavering en standert it ôfrûne jier neamd binne. Wat de foarstanners oanbelanget, konsintrearje ik my op de miening fan de FA: dy hat ommers ek de opdracht fan de provinsje krigen om **in** wurdlist op te stellen.

De haadkonklúzje kin wêze dat de FA op in oantal algemiene punten net of net befredigjend (dat is wat oars as meistimmend) reagearre hat op de krityk (bygelyks yn it jaan fan in sa folslein mooglik oersjoch fan foarmen dy't foar fierdere standerdisearring yn 'e beneaming kommen soenen).

In oare haadkonklúzje is dat de FA as wittenskiplik ynstitút net de taak hat om in noarm te meitsjen.

Yn **haadstik III** formulearje ik seis algemiene beswieren tsjin de (sân of seis?) FA-kritearia om foarkarsfoarmen oan te wizen.

De algemiene konklúzje is dat de Reaksje fan de FA yn dit stik fan saken net foldocht oan primêre easken fan wittenskip as transparantens, kontrolearberens, folsleinens en foarspelberens.

Yn **haadstik IV** gean ik wiidweidich yn op de sân kritearia dy't de FA opsteld hat om foarkarsfoarmen oan te wizen.

Inkelde haadkonklúzjes:

-de sân kritearia binne net goed útwurke (mei fanwegen it lytse tal foarbylden) en boppedat lang net allegearre helder en trochsichtich;

-it is net dúdlik oft der in hiërargy yn de kritearia is en, as dat al sa is, hokker;

-de sân kritearia binne hiel faak yn striid mei-inoar;

-wa't te seil giet op de FA-wurdlist, skriuwt in keunsttaal, dy't fier fan ek de noarmbewuste Fryyskriuwer ôfstiet;

-elkenien dy't gebrûk meitsje wol fan de FA-wurdlist, sil hieltiten wer opsykje moatte oan hokker foarm oft dy list de foarkar jout. Dêrmei wurdt de drompel om Frysk te skriuwen allinnich mar heger. De FA-wurdlist wurket kontra-produktyf en sil earder minder as mear Fryskskriuwers opsmite;

-de FA-wurdlist kreëarret gjin dúdlikens, mar gaos.

De **ôfslutende konklúzje** kin koart wêze. Ik ha, oan de hân fan in protte data, sjen litten dat de FA-foarstellen foar taalnormearring net goed trochtocht binne en de Fryskskriuwer net helpe, mar, krekt oarsom, op 'e doele bringe en fan it skriuwen ôfhâlde. Dêrom moat de (ûnderwilens troch yngripen fan de provinsje net mear ferplichte, mar wol arbeidsyntinsive en dêrtroch djoere) wurdlist sa't de FA dy foar eagen stiet, der perfoarst net komme. Dat soe in histoarysk fersin wêze. As de FA net sels syn ferantwurdlikheid nimt, moat de provinsje dat dwaan.

Ljouwert, 24.4.2014